



Ferslach fan de jiergearkomste fan de Feriening fan Doarpsbelang Easterwierrum op woansdei 15 febrewaris 2017 de jûns om 8.00 oere yn multifunksjoneel sintrum "De Tysker".

Notulist: Tryntsje van der Meer

Oanwêzich: 36 leden.

1. Iepenjen.

Om acht oere iepent foarsitter Frank Jorna, foar him de earste jiergearkomste as foarsitter, de gearkomste mei in wolkom.

Op de wurklist ûntbrekt it skoft en dit wurdt hâlden nei punt 7, (7a) fan de wurklist.

2. Ferslach jiergearkomste 10 febrewaris 2016.

Hjiroer binne gjin fragen en op/oanmerkings

3. Jierferslach.

It jierferslach wurdt foarlêzen troch Tryntsje van der Meer en hjiroer binne gjin fragen.

4. Finansjele ferslaggen.

Doarpsbelang: Hjiroer binne gjin fragen.

Geart Siesling merkt op dat de kursus foar de betsjinning fan de AED net trochgien is, mar dat der wol kosten makke binne. Dit punt komt letter op de wurklist werom.

Oer de finansjele ferslaggen fan de Merkekommissje, Badminton en Jeugdkommissje binne gjin fragen. De Jeugdkommissje is net mear aktyf en de lêste subsydzje is weromstoart nei de gemeente. De rekken sil opheven wurde.

Stephan Kurpershoek fertelt it ien oar oer de aktiviteiten fan de Histoaryske Kommisje de Easterwierrumer Freonerûnte. Sy hawwe nei oanlieding fan in presintaasje in ekstra subsydzje fan € 750,- krigen fan de gemeente.

Omt de technyk ús yn 'e steek lit wurdt it finansjele ferslach fan de behearskommissje nei it skoft behannele, dan sil ek de kaskommisje harren ferslach dwaan.

6. Ferslach/meidielings behearskommissje "De Tysker" troch Jan Schotanus.

Yn 2016 bin der gjin spektakulêre saken bard. It besyk oan "De Tysker" ferrint.

Yn it begjin wie "De Tysker" faak iepen op freed- en sneontejûn, letter allinne noch op freedtejûn. De lêste jierren is der ek op freed net folle animo en is der besluten om allinne op de freedtejûnen iepen te wêzen as der kaarten is.

It die bliken dat der op de oare freedtejûn, gjin wurk is foar de frijwilligers en dat sa no en dan nochris om in oere as healwei tolven der in pear jongeren binnen waaie.

Johannes Dijkstra: Baalt derfan dat op freedtejûn, as it korps repeteart, der gjin frijwilligers binne.

Jan Schotanus: Der leit in útnoeging by it bestjoer fan it korps om hjiroer yn petear en meiinoar te sjen nei in oplossing. Elts jier wurdt der mei it korps in ôfspraak makke. Oare ferienings rêde harren ek sels mei de kofje/tee.

Johannes Dijkstra: Is fan miening dat der wol te maklik oerhinne gien wurdt dat "De Tysker" net iepen is.

Marianne Visser: Op freedtejûn sit der net ien. De frijwilligers sitte de hiele jûn neat te dwaan. Der is wol deeglik goed nei sjoen. It is in toer om de groepen fan de frijwilligers yn te regeljen en der wurdt in soad fan de frijwilligers ferwachte.

Foar de spesjale groep feesten en partijen binne wol frijwilligers beskikber, want dan witte de minsken wat der ferwachte wurdt.

Astrid Miedema: De jeugd wol wol.

Dit is fierder net by de behearskommisje bekend.

Yn 2016 wiene net allinne de repetysjes fan BIS yn "De Tysker" ek by de útfierings wie de catering fanút "De Tysker"

Wat smyt aanst de "Jeu de Boulesbaan" op oan omset? en by it realisearjen fan de Escape-room sil ek "De Tysker" belutsen wurde.

Der binne no 7 frijwiliger-groepen, mooglik wurde dit der 5

Marianne Visser: Wy kinne altyd noch frijwilligers brûke.

Jan jout oan dat wy alles sa folle mooglik sels dogge. It parkearplak sil opknapt wurde.

Julius Galama hat ôfskied nommen en Douwe van der Werf hat syn plak yn de behearskommisje oernommen.

Jan toant noch in oersjoch fan de opbringst fan de sinnepanielen. Spitich is dat troch de tonger de panelen ien wike, mei in protte sinne, net wurke ha.

7. Foardracht nije leden.

De nije leden: Klaas Wijbrandi/Iris Jonker - Bûtewei 30, Nynke Zijlstra- Fûgelsangleane 11 en mefr. S. Faber – de Groot – Skuorrehôfwei 7 wurde mei applaus wolkom hjitten

7a. Skoft.

4 Ferfolch punt 4 – Finansjeel ferslach 2016 behearskommisje.

Djoke Reitsma jout útlis by de winst- en ferliesrekening fan "De Tysker"

De omset is ynklusyf de omset by "De Slachte" en B.I.S.. De reguliere omset falt wat leger út as it foarich jier.

De opbringst aktiviteiten is allinne de yntree, de omset sit dêr net by.

De enerzjy-kosten binne ± € 500,- leger, hjiryn sit noch in restbedrach oer 2015.

Benny Nauta freget wêrom 't "De Tysker" de enerzjy fan Greene Choise ynkeapet en net fia Enerzjy Koöperaasje Easterwierrum (E.K.E.) / Noordelijk Lokaal Duurzaam?

De behearskommisje jout oan dat Green Choise goedkeaper is. Benny jout yn oerwaging hjir nochris oer nei te tinken.

Uteinlik is de behearskommisje ± € 10.000,- foarútbuorke.

Anneke Monsma: Sûnder de ynkomsten fan BIS en "De Slachte" is de omset achterút gongen, Hoe kin dit?

"De Tysker" is goed beset, mar in soad aktiviteiten smite allinne hier op en leverje yn ferhâlding minder omset. It sportfjild wie yn de earste helte fan it jier net beskikber, gjin keatspartijen. De aktiviteiten wikselje per jier.

Der wurdt besocht de kosten sa leech mooglik te hâlden.

It sinjaal is helder, wy moatte wol allert bliuwe.

Auke de Vries: Der is in subsydzje ûntfongen fan ± € 4.200,-. Dit is oant 2020. Hoe komt it yn

de nije gemeente? Snije wy dan net ûnder?
Hjiroer is noch neat dúdlik.

5. Ferslach kaskommisje: Lieuwe Brandenburgh en Joop Bootsma.

De kaskommisje hat ien en oar kontrolearre en de sifers kloppe as in bus.
Wol merke sy noch op dat der noch net genôch betelle wurdt mei de pas, noch mar 10%.
Der giet noch in soad kontant jild om.

Joop Bootsma hie graach sjoen dat der foar in oare automaat keazen wie, wêr 't mear
munten tagelyk út helle wurde kin.

Lieuwe Brandenburgh is ôftredend as kaskommisjelid en hy wurdt betanke foar syn ynset.
Foar him yn 't plak wurdt Albert Jonker beneamd.

8. Bestjoersferkiezing.

Tineke Altenburg is ôftredend en net op nij te beneamen. Harmina de Schiffart is kandidaat
en der binne gjin tsjinkandidaten ynkaam. Mei applaus wurdt Harmina beneamd.

Tineke wie, neidat it bestjoer sawat in heal jier socht hat om in nij bestjoerslid úteinlik ree
om in sit yn it bestjoer te nimmen. Neidat sy earst in skoft meidraaid hie is se offisjeel
beneamd yn de gearkomste fan febrewaris 2013.

Frank betanket har foar har positive, nuchtere en kundige ynbring yn it bestjoer.
As tank krige sy 2 wynglêzen mei it logo fan Doarpsbelang oanbean.

9. Bestjoersmeidielings.

a. AED: Op 'e nij hat de AED der yn de rin fan it jier wer in oantal kear úthongen. Hy moat
dan wer kontrolearre wurde. Spitich.

Tineke hat 4 kear de herhellingskursus organisearre, dêrfan is mar 1 kear echt goed
gongen, mei as djiptepunt ferline jier.

Dit jier sil Doarpsbelang noch ien kear besykje in herhellingskursus te organisearjen.
Persoanen dy dan op it lêste momint ôfsizze, moatte in part fan de oplieding sels
betelje.

b. Doarpsfisy: De nije gemeente SúdWest Fryslân wol graach dat elts doarp in Doarpsfisy
makket. Doarpsbelang hat in oanset makke en de ynwenners sil frege wurde om
ideeën oan te leverjen. Sil presentearre wurde op de webside.

Hedzer van der Meer: Is der ek kontakt mei oare doarpen?

Fia de gemeente ha wy in oantal foarbylden krigen.

c. Projekt Natuerlik ferskaat: Stephan Kurpershoek leit út dat de Friese Milieu Federaasje
en Lânskipsbehear 11 doarpen benadere ha, wêrûnder Easterwierrum, foar it griener
blomriker/kleuriger meitsjen fan de omjouwing. Dizze beide organisaasjes sammelje
de ideeën en sy regelje de oanfraach foar subsydzje ensfh.

Yn 2018 soe ien en oar ta útfiering komme moatte.

Astrid Miedema: Falt der ek "griene huzebou" ûnder? Hjiroer is neat bekend.

Douwe van der Werf: It paad nei De Dille wurdt dat dan ek ferhurde? Sit net yn it plan.

Auke de Vries: Hat net sa 'n goed gefoel by keukentafel petearen. Fynt plak mei 1 partij, der
binne mear partijen by belutsen.

D. Frijwilligers socht foar it snoeien fan de parrebeammen oan de Doarpsstrjitte.

Petra Miedema: De parren binne yn 2016 plukt troch "Ons Ideaal". Ferienings dy dit dizze

hjerst dwaan wolle kinne harren melde. De beammen binne oan in goeie snoeibeurt ta en hjirfoar wurde frijwilligers socht. Tidens de gearkomste komme der gjin meldings. Wol jout Rein Weiland oan wol helpe te wolle, mar der gjin ferstân fan hat. It snoeien fan fruitbeammen is spesjalistysk wurk.

10. Wat fierder op it kleed komt.

Klaas Jan Jorna: By Weidum leit wol in hege drempel, wêrom hjir net?

Der hat in konsulint fan Veilig Verkeer Nederlân west en wat wurdt mei dat advys dien?

Y.f.m. de weryndieling past de gemeente allinne noch op 'e winkel, wurdt trochskood nei de nije gemeente.

Koen Eekerk: Soe graach in ramtwurk ha foar blêden yn de hjerst.

De gemeente Littenseradiel wol hjir net oan.

Marianne Visser: Wol graach op 'e hichte bliuwe fan de koers fan de Doarpsfisy.

Stephan Kurpershoek: Jou saken foar de webside troch oan Meint Miedema.

Tryntsje van der Meer: Fia Tineke waard Dries Altenburg frege de blombakken op it "Reade Plein" te fersoargjen. No 't Tineke út it bestjoer giet, freget Tryntsje oft Dries dit fan 't maitiid wer op him nimme wol. Dries seit dit ta.

11. Sluten.

Om 10.00 oere slút Frank de gearkomste mei in wol thús en foar elts noch in konsumpsje.